

INGEZONDEN

Us taal, ús Omrop: mear as ea

Ad Dost klaget dat Omrop Fryslân allinnich programs útstjoert yn it Frysk (LC 12 oktober). Hy stelt dat it tal harkers en sjoggers tebekrint, dêrom soe de Omrop tenei ek Hollânsktalige programs útstjoere moatte.

Lykwols, neffens ús hat it weromrinnen oare oarsaken, lykas de opkomst fan de sosjale media op ynternet ûnder de jongerein. Dêr lije net allinnich de Fryske, mar lyksa Hollânsktalige media ûnder.

Oan 'e oare kant profitearret it Frysk ek fan dy ûntjouwing. Sa wurdt der omraak facebookt en twittere yn it Frysk. Dêr lizze krekt nije kânsen foar Omrop Fryslân.

Dost moat betinke dat de Omrop yn Fryslân de iennichste stjoerder is dy't folweardige programs yn it Frysk (de twadde rykstaal) bringt. Foar in part oerskeakelje op it Hollânsk is de wrâld op 'e kop en dat soe Friezen krekt fuortjeie by de Omrop.

Der binne nammers genôch Hollânsktalige alternativen yn Fryslân, lykas GPTV. Fryske programs jouwe Hollânsktaligen moai de kâns om, yn kombinaasje mei in Afûk-kursus Frysk, 'echt' mei te dwaan oan de Fryske mienskip. En dat is de foarnaamste doelstelling fan (ek) de Feriening Frysk Underwiis (FFU).

Jehannes Elzinga. FFU-bestjoerslid, Frjentsjer